

‘Pleinfrees’ fan Alan Ayckbourn, yn ‘t Frysk oerset troch Baukje Stavinga.

De rezjy is yn hannen fan Tineke Nicolai. De kar foar har hat him útbetelle yn in goede foarstelling, dêr’t mei de beskikbere middels ek net mear fan te meitsjen wie. En dêrmei wurdt tekoart dien oan de ynspanningen fan de maartploech fan De Krite. Wy kinne it ûniens wêze oer de fraach oft it in moai stik is of net, mar oer de wize wêrop’t it brocht wurdt, kin gjin misferstân bestean: geweldig! Alle lof.

Mei ‘Pleinfrees’ hawwe regisseur en spilers it harren net maklik makke. Dat jildt sawol foar it spyljen as foar de technyske easken dy’t steld wurde. De spilers lykwols --Bernard Atsma, Mattie Bergsma, Sietske Heeg, Siebe Huitema, (Anne Terpstra), Janetta Zijlstra en Johan Zijlstra – is wol it ien en it oar tabetroud. Stik foar stik binne it betûfte spilers dy’t wol wat oankinne en dat ek yn dit stik sjen litte.

Anne Terpstra (skiedend foarsitter fan De Krite) hâldt him as de sike Arthur hiel beskieden op de eftergrûn, mar lit him, folle minder beskieden, wol hearre. Alle figueren ha wat tragikomysk. Dat it aksint sa no en dan op it komyske leit, docht it stik bepaald gjin ôfbrek.

Ayckbourn hat foar safolle ‘lokaasjes’ keazen, dat it toaniel fan It Haske -- yn alle gefallen foar amateurbegripen dochs net sá lyts – net genôch romte hat, der is mei woekere, de spylromte is sels útwreide.

De dekorbouwers ha der it nedige wurk oan hân om alles in plak te jaan. Sa as eins altyd ha se in tige goede prestaasje levere. Wat se úteinlik delset ha, past hiel goed by de ferfrjemding dy’t it hiele stik kenmerket. In bysûnder komplimint fertsjinje de mannen fan it ljocht. Wat ha se wat dwaan moatten om elke ‘lokaasje’ foldwaande ljocht te jaan en dan ek noch op it kreative momint.

Wa’t fan it stik genietsje wol, moat goed foar eagen hâlde dat Ayckbourn him útlibbe hat yn it tema iensumens. Seis figueren moetsje inoar no en dan ‘fysyk’, mar libje ‘geastlik’ yn in heech tempo oan inoar foarby. Achter harren fasade gean pynlike geheimen, pynlik leed en pynlike leechte beskûl. Tryst is it, hiel tryst. In skala oan tekoartsjitten yn it minslike bestean komt foarby. In bytsje minder hie ek wol kinnen.

Alle personaazjes wurde, hoe’t se ek wêze meie, mei leafde tekene en gelokkich soargje de humoristyske, puntige teksten foar de nedige fleur. In goed foarbyld fan it lêste is Charlotte, troch skriuwer en rezjy – wat goedkeap – yn it karikaturale lutsen, mar troch Janetta Zijlstra fermaaklik en treflik spile.

De taskôger dy’t in maklik ferhaal ferwachtet wurdt teloarsteld, hy sil op syn iepenst wêze moatte om te folgjen wat de skriuwer fertelle wol. Der wurdt in protte frege fan it foarstellingsfermogen, mar wa’t hâldt fan toaniel mei mear ynhâld as in ‘dijenkletser’ sil folop genietsje. Dat kin noch op freed 17 en sneon 18 maart, yn ‘t Haske, om 20.00 oere.

Ta beslút noch dit. Ayckbourn joech it stik as titel mei *Private Fears in Public Places* hoe’t dat *Pleinfrees* wurde is in aardige puzel.

Sieger Bijsterveld